

RUG/Campus Fryslân, PS 16 desimber 2015

Ynbring FNP

Yn 1843 hiene de Friezen, net betinke kinnen dat it 172 jier duorje soe ear't it akademysk klimaat ferbrede en fersterke wurde soe troch de komst fan UCF. Yn de tuskenlizzende tiid hawwe der as FNP faak foar pleite, mar it kin ferkeare!

Fansels binne wy hjr as FNP optein oer; troch krewearjen en ynset fan deputearre de Vries en deputearre de Rouwe wurdt Fryslan wer in provinsje mei mear universitêr ûnderwiis en wurdt Ljouwert nóch mear in **brûzendje universiteitsstêd** !

De komst fan Campus Fryslan sil, sa ferwachtsje wy, in **boost** jaan oan de **Fryske ekonomy**, it sil de **Fryske Hotspots** groeie en bloeie litte yn in folwoeksen akademysk klimaat en in bydrage leverje tsjin de braindrain.

Dochs rint net alles wat wy heard en lêzen ha oer Campus Fryslân ús as lij wetter yn de earen. De FNP hat in oantal wichtige fragen foar it kolleezje. Oan dizze punten hawwe wy de plannen foar de UCF yn 2005 al hifke en dêr hifkje we de plannen no wer oan.

Om útein te setten mei in fraach oer de saneamde "**package-deal**". As bliken docht dat der gjin "University College" komt, moat de tripartite oerienkomst oanpast wurde. Fan amtlike kant hawwe wy lykwols begrepen dat yn **dat** gefal de jilden foar it university college **gjin** diel mear útmeitsje sille fan de deal. Kin it Kolleezje dat hjir befestigje dat dat yndied sa is? En fansels oanslutend oan dizze fraach: fine wy in **11<sup>e</sup> fakulteit** sûnder University College ek in goed idee (as de akkreditaasje net slagget)? Moat it dan noch wol trochgean?

In wichtich punt foar de FNP is ek dat it University College kwa namme ek útdrage kin dat it in universiteit is. No hat de Universiteits-rie fan de RUG al oanjûn dat it net de namme **'university'** yn him hawwe mocht. As dat net mei, foarsitter, hat it idee fan in **universiteit yn Ljouwert** yn't foar al oan status ferlern ?

Wat in goed ynstrumint is, foarsitter, om tredde jildstreamen te generearjen, is in wittenskiptswinkel. Dêr stiet de FNP by de fierdere ûntwikkeling fan de plannen op oan. Wat fynt it kolleezje hjirfan ?

Wat wy ek graach witte wolle is of de deputearre oanjaan kin of Campus Fryslân **op eigen wjukken** fierder kin as de subysdzjes ophâlde.. Mar ek: Is der noch wol genôch jild beskikber foar in **strukturele basis** foar de besteande kennisynstellings sa as Wetsus en de Fryske Akademy ?

Derop oanfoljend, wolle wy graach fan de deputearre heare of dizze universteit, de besteande wittenskiplike ynstituten **net** yn it paad rint en soene we graach heare wolle hoe realistysk de **sifers** binne wat studintenoantallen oanbelanget.

Ta beslút wolle wy de beliedsamtner dy't ús tige goed bystien hat noch tanksizze foar alle antwurden op ús fragen.

Foarsitter, nei 172 jier sil de bûter jild jilde: Campus Fryslan komt der oan ! 2016 wurdt in **histoarysk jier** foar Fryslan !

Corlienke de Jong